



Omrop Fryslân

Plan foar dokumintêre oer it **Kleaster Claercamp** by Rinsumageast.

maaie 2009

Oanlieding

It terrein fan it Sistersjinser kleaster Claercamp by Rinsumageast waard begjin 2009 troch minister Plasterk oanmurken as *argeologysk monumint*. Twaentweintich oare fynplakken yn Nederlân krigen dy status ek, dy't ynhâldt dat sa 'n plak wetlik beskerme is. It histoaryske plak wurdt net ferrinnewearre, de skiednis bliuwt bewarre. Mar ek oan de boppegrûn fan sa'n fynplak is ôf te lêzen wat der troch de tiid hinne bard is.

De dokumintêre dy 't Omrop Fryslân foar eagen stiet, giet oer de betsjutting dy't dat kleaster Claercamp foar it noardeasten fan Fryslân hân hat.

Underwerp

It kleaster Claercamp waard offisjeel stichte yn 1165. De Sistersjinsers kamen fan oarsprong út Frankryk wei. Yn Boergonje stichte Bernardus fan Clerveaux dy oarder omdat hy him fersette tsjin de rykdom yn de tsjerken, wylst tagelyk in soad minsken yn grutte earmoed libben. De memmetsjerke fan de Sistersjinsers stie yn Cîteaux. Noch by syn libben slagge it Bernardus om 300 kleasters yn Europa op te rjochtsjen.

Kleaster Claercamp wie it earste kleaster fan dizze oarder yn Fryslân. It besloech in oerflakte fan 250 by 250 meter. Der wennen tsientallen mûntsen en hûnderten likebrueren. Claercamp wie net allinnich in geastlik mar ek in materieel ympearium. De kleasterlingen moatte relatyf ryk west hawwe. It besit bestie út mear as 4000 ha grûn ferspraat oer noardlik Eastergoa, fan Ljouwert oant Skiermûntseach ta. It lân waard oanmakke en it wetter waard behearske. De reformaasje makke yn 1580 in ein oan it bestean fan Claercamp. De Steaten fan Fryslân ferbeanen it roomske leauwe en namen alle besit yn.

De *âlde Friezen*, dêr't it kleaster mei boud wie, waarden ferkocht en dy hawwe faak in plak fûn yn pleatsen en tsjerken yn de omkriten. De terp fan it kleaster waard yn de njoggentjinde ieu ôfgroeven en de fruchtbere grûn ferfierd nei de Wâlden. Op it fynplak fan Claercamp hawwe fan 1938 oant 1941 opgravings plakfûn ûnder lieding fan de bekende argeolooch [REDACTED] J. Der kamen kralen, kammen, potsjes, diggels fan ierdewurk, minslke resten én in skat mei gouden en sulveren munten foar it ljocht. [REDACTED] J. lei it eigentlike grûnplan bleat mei de dûbele grêft der om hinne. De fynsten wurde bewarre yn it Fries Museum yn Ljouwert en yn it Admiraliteitshûs yn Dokkum.

Hjoed de dei is Staatsboskbehear de eigner fan de grûn. Yn 2008 is de stichting *Klooster Claercamp* oprjochte mei as doel om bekendheid te jaan oan de histoarje fan it kleaster, dat net allinnich grutte betsjutting hân hat foar de streek mar ek foar de gebieten fier dêr bûten.

Research

- Omrop Fryslân fiert petearen mei ferskate minsken dy't it nedige witte oer dit ûnderwerp:
- [redacted] en [redacted] fan de stichting klooster Claercamp kinne de grutte linen fan ferline en takomst fan it kleaster oanjaan.
- [redacted], no oer de 80, hat buorke op ien fan de pleatsen foar Claercamp oer. Hy kin him noch goed yn 't sin bringe dat de lêste terpresten fuortbrocht waarden en hy hat weet tal fan histoarysk ynteressante feiten.
- [redacted] fan De Jouwer hat yn syn stienne-argyf materiaal fan ferskate monuminten sammele, ûnder oaren ek fan Claercamp.
- [redacted] fan de Fryske Akademy dosearret Midsieuske skiednis en hat oer Claercamp publisearre.
- Yn it Fries Museum en it Admiraliteitshûs yn Dokkum wurde de fynsten besjoen, dy't yn it programma in rol spylje kinne.
- Yn Ihlow yn East-Fryslân (Dútslân) hat in fergelykber Sistersjinser kleaster stien. Om de skiednis fan dat kleaster libben te hâlden, wurdt dêr ynkoarten in 36 meter heech tinkteken oprjochte mei in ûndergrûns museum.
- Omrop Fryslân giet op 'e siik nei fergelykbere Sistersjinser kleasters dy't noch yn bedriuw binne.

Ut de petearen en it literatuer- en lokaasjeûndersyk sille ek wer nije kontakten ûntstean, dy't it byld noch ferbreedzje en ferdjippe.

Filmplân

De dokumintêre wol in libben byld jaan fan de opkomst en de delgong fan kleaster Claercamp en de hûshege terp dêr 't it rom fjouwer iuwen op stien hat. De sjogger moat mei fiele kinne hoe't it wie om dêr yn de Midsieuwen te libjen en hokker ynfloed oft it kleaster hie op de omjouwing.

Tagelyk wurdt omtinken jûn oan wat der hjoed de dei fan it kleaster oer is en hoe't it fynplak foar de takomst bewarre bliuwt. De stichting *Klooster Claercamp* wol de stoflike resten fan Claercamp ûnderbringe yn in permaninte tentoanstelling yn de Skierstins fan Feanwâlden.

Planning

It programma wurdt yn it seizoen 2009/2010 makke en útstjoerd. Omrop Fryslân bringt it yn syn stjoertiid op de sneintemiddei op Nederlân 2.

[REDACTED] J, dokumintêremakster
[REDACTED] J @omropfryslan.nl
058 – 2 99 77 J

[REDACTED] J
[REDACTED] J @omropfryslan.nl
058 – 2 99 77 J

[REDACTED] J
[REDACTED] J @omropfryslan.nl
058 – 2 99 77 J

Omrop Fryslân
Postbus 7600
8903 JP LJOUWERT
058 – 2 99 77 99



Omrop Fryslân

Plan voor documentaire over het **Klooster Claercamp** bij Rinsumageest.

mei 2009

Aanleiding

Het terrein van het Cisterciënzer klooster Claercamp bij Rinsumageest werd begin 2009 door minister Plasterk aangemerkt als *archeologisch monument*. Ook 22 andere vindplaatsen in Nederland kregen deze status die inhoudt dat zo'n plek wettelijke bescherming geniet. De historische plek wordt niet aangetast, de geschiedenis blijft bewaard. Maar aan het oppervlak van zo'n vindplaats is hetgeen er door de tijd is gebeurd af te lezen.

De documentaire, zoals die Omrop Fryslân voor ogen staat, gaat over de betekenis die dit klooster Claercamp voor het noordoosten van Fryslân heeft gehad.

Onderwerp

Het klooster Claercamp werd officieel gesticht in 1165. De Cisterciënzers kwamen van oorsprong uit Frankrijk vandaan. In Bourgondië stichtte Bernardus van Clervaux deze orde omdat hij zich verzette tegen de rijkdom in de kerken, terwijl tegelijkertijd veel mensen in grote armoede leefden. De moederkerk van de Cisterciënzers stond in Cîteaux. Nog tijdens zijn leven lukte het Bernardus om 300 kloosters in Europa op te richten.

Klooster Claercamp was het eerste klooster van deze orde in Fryslân. Het besloeg een oppervlakte van 250 bij 250 meter. Er woonden tientallen monniken en honderden lekenbroeders. Claercamp was niet alleen een geestelijk maar ook een materieel imperium. De kloosterlingen moesten relatief rijk zijn geweest. Het bezit bestond uit meer dan 4000 ha grond verspreid over noordelijk Oostergo, van Leeuwarden tot Schiermonnikoog. Het land werd aangemaakt en het water werd beheerst. De Reformatie maakte in 1580 een einde aan het bestaan van Claercamp. De Staten van Fryslân verboden het rooms-katholieke geloof en namen alle bezit in beslag.

De *oude Friezen*, waar het klooster mee was opgetrokken, werden verkocht en hebben veelal een plek gevonden in boerderijen en kerken in de omtrek. De terp van het klooster werd in de negentiende eeuw afgegraven en de vruchtbare grond werd vervoerd naar de Friese Wouden. Op de vindplaats van Claercamp hebben van 1938 tot 1941 opgravingen plaats gevonden onder leiding van de bekende archeoloog [J]. Er kwamen kralen, kammen, potjes, resten van aardewerk, menselijke resten én een schat met gouden en zilveren munten te voorschijn. [J] legde het oorspronkelijke grondplan bloot met daar om heen een dubbele gracht. De vondsten werden bewaard in het Fries Museum en in het Admiraliteitshuis in Dokkum.

Tegenwoordig is Staatsbosbeheer eigenaar van de grond. In 2008 is de stichting *Klooster Claercamp* opgericht met als doel om bekendheid te geven aan de historie van het klooster, dat

niet alleen grote betekenis heeft gehad voor de streek maar ook voor gebieden daar om heen.

Research

Omrop Fryslân voert gesprekken met tal van mensen die het nodige oer dit onderwerp weten:

- [redacted] J van de stichting *Klooster Claercamp* kunnen de grote lijnen van het verleden en de toekomst aangeven,
- [redacted] J, nu boven de 80, heeft een boerenbedrijf gehad op één van de plaatsen tegenover Claercamp. Hij weet zich nog goed te herinneren dat de laatste terpresten werden afgevoerd en heeft weet van veel historisch interessante feiten.
- [redacted] J uit Joure heeft in zijn stenen-archief materiaal van verscheidene monumenten, onder andere ook van Claercamp.
- [redacted] J van de Fryske Akademy doceert middeleeuwse geschiedenis en heeft over Claercamp gepubliceerd.
- In het Fries Museum en het Admiraliteitshuis in Dokkum worden de vondsten bekeken die in het programma een rol kunnen spelen.
- In Ihlow in Ostfriesland (Duitsland) heeft een vergelijkbaar Cisterciënzer klooster gestaan. Om de geschiedenis van dat klooster levend te houden, wordt er binnenkort een 36 meter hoog gedenkteken opgericht met een ondergronds museum.
- Omrop Fryslân gaat op zoek naar vergelijkbare Cisterciënzer kloosters die nog in bedrijf zijn.

Uit de gesprekken en het literatuur- en locatieonderzoek zullen weer nieuwe contacten ontstaan, die het beeld verdiepen en verbreden.

Filmpplan

De documentaire wil een op levensecht beeld oproepen van de opkomst en het verval van klooster Claercamp en de huizenhoge terp waarop het vier eeuwen lang stond. De kijker moet kunnen voelen hoe het moet zijn geweest om daar in de Middeleeuwen te leven en welke invloed het klooster op zijn omgeving heeft gehad.

Tegelijkertijd wordt aandacht gegeven aan wat er nu van het klooster over is en hoe de vindplaats voor de toekomst bewaard blijft. De stichting *Klooster Claercamp* wil de stoffelijke resten van Claercamp onder brengen in een permanente tentoonstelling in de Skierstins van Veenwouden.

Planning

Het programma wordt in het seizoen 2009/2010 gemaakt en uitgezonden. Omrop Fryslân zendt het uit in haar zendtijd op de zondagmiddag op Nederland 2.

[redacted] J, documentairemaakster
[redacted] J @omropfryslan.nl

058 - 2 99 77 

 , producer
 @omropfryslan.nl
058 - 2 99 77 

 , eindredacteur
 @omropfryslan.nl
058 - 2 99 77 

Omrop Fryslân
Postbus 7600
8903 JP Leeuwarden
058 - 2 99 77 99

Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen